

REUNY 15 JUNY 1991

Hjoed is de grutte dei dan kommen,
Sa giet it op nei Nijtsjerk ta.
Sa komme wy yn grutte drommen,
Nei de reuny, dêr sille wy no feest fan ha.

En as wy hjoed yn it âlde doarp wer komme,
De tiid fan froeger dy ferjit men nea.
De âlde toer stiet ieuwen dêr te slomjen,
Mar dy feroaret net, mar stoarret stil oer't gea.

En as wy troch de buorren rinne,
Mei ien in praatsje, in oar in inkeld wurd.
In bulte minsken dy't wy net mear kinne;
Mar ek de lytse bern dy wurde grut.

Ek as wy op it tsjerkhôf steane:
En nammen lêze, dúdlik en klear.
Dan kinne wy oars neat mear sizze,
It is foarby, hja binne der net mear.

De reunykommisje wol ik net ferjitte,
Wat hawwe jim net allegearre foar ús dien.
Dit woe ik dochs noch efkes witte litte,
Want sûnder jim koe dizze feestdei net bestean.

Ek de fam. Van Kammen net te ferjitten,
Ek tige tank, wat jim dien hawwe foar ús.
Sadat wy jûn ek allegearre sizze kinne,
Wy wiene hjoed hjir ek yn Nijtsjerk tige thús.

En as wy jûn werom nei hûs ta ride,
Ynein en wurch nei dizze lange dei,
Dan binne wy ek wol te moed en blide,
Yn oantins nimme wy it feest fan dizze dei dan mei.

W. POSTMUS
Wânswert